

Fan tha koningen Karle ande Redbad

Oer de keningen Karel en Redbad

It âldste Frysk dat skriftlik oerlevere is, datearret fan ± 1200: fragminten fan in Latynske psalm mei oantekeningen en kommentaar yn it Frysk. It earste folslein Fryske manuskript dat bewarre bleaun is, komt út it distrikt Riustringen, in gebiet tusken de Eems en de Wezer (yn it hjoeddeiske Dútslân dus). It bestiet út in samling fan rjochts- en wetsteksten, gearstald om 1300 hinne. Oare sjenres as rjochts- en wetsteksten binne út it Easterlauwersk Fryslân (de hjoeddeiske provinsje Grinslân en Ost-Friesland yn Dútslân) praktysk net oerlevere. Yn Westerlauwersk Fryslân (de hjoeddeiske provinsje Fryslân) is it ferskaat oan Aldfryske teksten justjes grutter: neist rjochts- en wetsteksten binne ek in goed tûzen oarkonden bewarre bleaun (mei 'oarkonde' wurdt hjir bedoeld in skriftlike befêstiging fan in ôfspraak of oerienkomst; de oarkonde tsjinne as rjochtsjildich bewiis). Ek in tal kroniken (mei 'kronyk' wurdt hjir bedoeld in gronologysk ferslach fan op harsels steande feiten út in bepaalde perioade, in dei- of jierboek bygelyks) soarget hjir foar in wolkomme ôfwiksel yn it sjenre. Fierwei it grutste part fan de Aldfryske teksten, ek dy út Westerlauwersk Fryslân, hat dus te krijen mei rjochtspraak, wetjouwing en rjochtsgong.

Yn guon rjochts- en wetsteksten fine wy soms passazjes dy't wat bûten it wenstige patroan falle. In foarbyld dêrfan is *De sêge fan Karel en Redbad*. De sêge fan Karel en Redbad foarmet in ynliding op in samling rjochtsteksten. De tekst befettet dúdlik in kristlik elemint en in pear mearke-eftige, argayske eleminten (eleminten dy't stamje út in folle âldere tiid fan de beskaving en dêrtroch de oanbelangjende tekst de skyn fan hege âlderdom jaan moatte). De tekst is oerlevere yn trije manuskripten út de 15^e ieu, mar op grûn fan dy mearke-eftige eleminten, dy't foar-kristlik fan oarsprong binne, wurdt troch guon wittenskippers oan de sêge in âldere (ier-midsieuske) oarsprong taskreaun. Mar it kin ek wêze dat de skriuwer de yndruk wekke woe dat it Fryske rjocht al oerâld wie en dat er dêrom dy argayske eleminten der yn behelle hat. Yn alle gefallen woe de skriuwer mei 'prolooch' it Fryske rjocht in hege status jaan: oerâld en fan godlike oarsprong.

- I Tha thi koning Karle and thi koning Redbad in thet land komen, tha bisette aider sine wei and quath aider thet land were sin. [*Doe't kening Karel en kening Redbad yn it lân kamen, doe besette elk syn plak en sei elk dat it lân sines wie*] Tha heren wolden hit befiuchta: hoder so otherne an stille stalle urstode, thet hi wonnen hede. [*De hearen woene derom stride: wa't de oar yn stilstean de baas wie, dy hie it wân*]
- II Tha stoden se en etmel al umbe. [*Doe stiene se stil, in hiel etmiel lang*] Tha let thi koning Karle sine handskoch falla. [*Doe liet kening Karel syn want falle*] Tha rachtene him thi koning Redbad. [*Doe rikte kening Redbad him dy oan*] Tha quath koning Karle: 'A ha, a ha! Thet land is min!' [*Doe sei kening Karel: 'Aha, aha! It lân is mines!'*]